

In yn himsels kearde histoarje

F20 21-4-'12

Roman


troch Jaap Krol

Ferline jier krige Durk van der Ploeg de Gysbert Japicxpriis. Dizze heechste literêre priis yn 'e Fryske literatuer waard him takend foar syn hiele oeuvre, dat bestiet út sawol poëzij as proaza. Benammen de lêste twa desennia hat de skriuwer warber west mei it opbouwen fan dat oeuvre mei bekende titels as *Skepsels fan God* (1998) en *Foarby it Boarkumer fjoer* (2003).

Mei rjocht kin Van der Ploeg de *anchorman* fan de Frysk literatuer neamd wurde, in nestor dy't net stilsit. Koartby kaam syn lêste boek út: *De Belvédère*.

De Belvédère spilet him ôf yn de kristallen kûlissen fan de njoggentjinde ieu, fol mei hynders, koetsen, kersljocht en parken mei fiverpartijen. It ferhaal draait om Age Looxma-Ypeij (1833-1892), in histoaryske figuer en ien fan de grûnlizzers fan it Fries Museum.

Dizze Age Looxma-Ypeij moetsje wy as er frijfeint op jierren is. Hy wennet op de Vijversburg, it steatige kompleks by Tytsjerk. As lid fan de Ljouwerter aristokrasy is er warber yn ferskate besjoeren en tsjinnet de belangen fan syn enoarme famyljekaptaal, dat boud is op de hannel yn drank. Age docht syn wurk mei in grut plichtsbefef in strange arbeidsetos, mar syn wiere passy leit earne oars. De lânhear is in grut samler en kenner fan



Durk van der Ploeg.
Foto: Frans Andringa

glêswurk, munten en porslein en docht neat leaver as dy saken yngeand bestudearje.

Syn dochs wat eksintrike libbenshâlding is net nij. As iennichst bern hat Age altyd in ienling west. Sa woe er, as er útfanhuzet by pake en beppe, net hynderride mei pake Age Binses Looxma. Tsjin syn sin, mar ûnder druk fan heit Nicolaas Ypeij studearre er rjochten yn Grins.

Op in dei wurdt der op de Vijversburg in brief besoarge, mei de driigjende wurden 'Ich kann Ihnen keine Hoffnung machen'. Age syn earste útlânske reis nei in Dútske spesjalist is fuort syn lêste, want it berjocht betsjut dat er net lang mear libje sil. Der

moatte dus saken regele wurde, lykas it opmeitsjen fan in testamint.

In oare saak is de omgong mei Helena Mallinckrodt. Dizze moaie frou wie de selskipsdame fan syn mem Baudina Looxma en kaam yn 'e hûs doe't syn heit ferstoar. As syn mem der ek net mear is, is de gigantyske boekebeam dy't pal foar it hûs stiet Age syn wichtichste oantinken oan har.

Eins liket de beam him yn 'e gaten te hâlden. Age syn libben is dan ek ien grut konflikt tusken syn strange, manlike en ferbaal sterke heit en pake en de sêftmoedige, bememkjende en gefoelige mem en beppe. Wat omgong oanbelanget is de lânhear in stive en wat swakke man, dy't te lang libbe hat ûnder de wjukken fan dizze twa froulju. Syn latente leafde foar de belêzen Helena komt dan ek net op gong. Helena besiket en wacht, wacht en besiket (se kin bygelyks prachtich piano spylje), mar Age hoecht mar nei bûten te sjen, dêr't de boekenbeam him wiist op it konflikt fan syn dûbele achternamme – en dat wylst syn mem heechstwiarskynlik Helena yn gedachten hie as takomstige skoandochter.

Fertroud

De Belvédère is in hast fertroud Van der Ploeg-boek: in ienselvige man, mei in komplekse ferhâlding mei in frou, dêr't in soad net útsprutsen wurdt en yntimiteit en tagedienens hast

ûnmooglik lykje. Alle bewûndering haw ik foar de fakman Van der Ploeg, dy't dy typyske njoggentjinde ieuske setting fol mei details oer it ynterieur, en swier fan patos en passy, moai ferbyldet. Dochs wol ik in pear (taal)flaters neame, fuotnoaten miskien, mar wol hiel opfallende binnen it histoaryske dekor fan 'e roman. Sa is it net wierskynlik dat der

It bewuste isolemint makket in soad proaza ta yn himsels keard

yn dy tiid sprutsen waard oer opnames yn 'psychiatryske ynryochtjings', of dat Helena as ferliedingstaktyk in 'swart jurkje' droech, – beide typysk tweintich-ieuske wurden. Ek strykt it net dat it korps fan Ryptsjerk yn 1892 it *Star and Stripes Forever* spilet, dat publisearre is yn 1897. Fierders wol it my net oan dat Helena hast foar de fûst wei komplekse wurken spilet fan Chopin en Liszt yn in tiid dêr't in soad komponisten krekt ienfâldige stikken skreaune om de opkommende boargerij fan spylbere partitueren te foarsjen.

Mar myn grutste krytyk giet de persoan Age Looxma-Ypeij oan. Syn âlden fungearje skematig as de twa útersten en

meitsje fan Age in willeas personaazje, dy't wegeret in transformaaasje te ûndergean. Van der Ploeg hat mei *De Belvédère* in hermetysk boek skreaun sûnder iepeningen of mooglikheden fan kontakt nei de moderne tiid of de moderne lêzer. De talleaze data oerskaadzje sa in eigensinnige ferhaalline en roppe gjin sympaty, moederaasje of krekt antypaty foar de haadpersoan op.

Fryslân mei wiis wêze mei in skriuwer as Van der Ploeg. Tagelyk fyn ik dat dizze *anchorman* ljit oan in grut euvel fan it Frysktalige proaza fan hjoeddedei: it bewuste isolemint mei in grutte klam op it ferline makket in soad proaza ta yn himsels keard – lykas Age dat is. Mar as in boek hielenal lossnien wurdt út de regionale, de aktuele en universele kontekst, of, as it bliuwt by in samling oanklaaide feiten, wat smyt sa'n boek yn dizze tiid dan – útsein in ambachtlik skreaun histoarysk ferhaal – noch op?

It spitige fan in boek as *De Belvédère* is dat it miskien in twadde printinge hellet en dêrnei ferjitten wurdt. Der hie dus folle, folle mear yn sitte kind, soenen jo sizze kinne.

i De Belvédère. Durk van der Ploeg. Friese Pers Boekerij, 17,50 euro

